- ¹² <https://dingtiid.frl/nl/adviesbrief-aan-rug-zorgen-over-leerstoel-fries-in-groningen/>
- ¹³ <https://dingtiid.frl/nl/adviesbrief-aan-provincie-en-rijk-over-borging-universitaire-frisistiek/>

Jierferslach

2 0 / /

D / N G

T / / D

/ / 2 2

Jierferslach

2 0 \ / \
D / N G \
/ T / / D
/ \ \ 2 2

Orgaan foar de Fryske taal

DINGtiid

Wetlik ramt fan DINGtiid

De Wet gebrûk Fryske taal, dy't op 1 jannewaris 2014 fan krêft wurden is, regelet it brûken fan it Frysk yn it bestjoerlik en rjochtsferkear. Haadstik 4 bepaalt dat der in orgaan foar de Fryske taal is, dat as taak hat om de likense posysje fan de Fryske en Nederlânske taal yn Fryslân te befoarderjen. Dat orgaan hjit DINGtiid.

Taakopfetting en wurkwize

DINGtiid ferfollet syn wetlike taak troch te rapportearjen oer de behoeften en winsken oangeande de Fryske taal en kultuer yn relaasje ta de Wet gebrûk Fryske taal en ek ta it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden en it Ramtferdrach foar de beskerming fan nasjonale minderheden. Dêrby rapportearret DINGtiid oan oerheden, bestjoersorganen en rjochterlike ynstânsjes, foar safier't dy yn de provinsje Fryslân fêstige binne of oars de Provinsje Fryslân as wurkgebiet hawwe. Fierder advisearret DINGtiid oan de minister fan Ynlânske Saken (BZK) en oan Deputearre Steaten fan de Provinsje Fryslân oer it tastânkommen en de útfiering fan de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK) en de útfieringskonvenanten, en biedt se stipe by it opstellen fan regels en beliedsplannen, lykas bedoeld yn art. 5 en 6 fan de Wet gebrûk Fryske taal.

Neist dy wetlike taken befoarderet DINGtiid ek de maatskiplike diskusje oer it Frysk. DINGtiid hat ferskillende wizen om de taken út te fieren en de ambysjes te realisearjen. Sa publisearret DINGtiid ûndersiken, advizen en rapportaazjes, en skriuwt brieven oan bewâldsju en partijen út it fjild. Dêrneist fiert DINGtiid petearen mei partners en belanghawwenden op it mêd fan de Fryske taal. Ut en troch wurde dy petearen yn in breder ferbân organisearre en wurde it rûnetafelpetearen, dy't sels it karakter fan minsymposia krije kinne: de saneamde 'DINGpetearen'. By in DINGpetear bringt DINGtiid kennis en saakkundigen fan in bepaald ûnderwerp byinoar en biedt de dielnimmers eftergrûn en ynhâld om it ûnderwerp yngreven bedjipje te kinnen; sa besjoen binne DINGpetearen in foarm fan 'fjildkonsultaasje' of 'boargerkonsultaasje'. DINGtiid foarsjocht sa de Fryske mienskip fan kennis en perspektyf, mar fuorret ek himsels mei praktyknformaasje en nije of feroarjende ynsjoggen.

De namme DINGtiid

In 'ding' wie yn de tiid fan de âlde Germanen in gearkomste dêr't frije Friezen yn byinoar roppen waarden om kwestjes of skelen te besprekken. Sa'n kwestje waard fan alle kanten besjoen en besprutsen. Uteinlik joech de 'asega', in wetskenner, syn advys. DINGtiid set it 'ding' yn in nij perspektyf. As in ûnderwerp aktueel is kin DINGtiid saakkundigen of oare nigethawwers byinoarbringe yn in DINGpetear en dat tema fan ferskate ynfalshoeken út beprate.

Wa binne DINGtiid?

Yn 2022 bestie it bestjoer fan DINGtiid út fiif minsken, allegearre mei harren eigen ekspertize en eftergrûn. De bestjoersleden hawwe mienskiplik dat harren woartels yn Fryslân lizze en dat se harsels dêr ek bot mei ferbûn fiele. Tagelyk sjogge se mei in frisse blik nei Fryslân en it Frysk. It bestjoer bestie op 1 jannewaris 2022 út:

- **Jan Koster** (earder: direkteur Arbeidsfoarsjening; Ekonomyske Saken gemeente Maastricht; Omrop Fryslân), foarsitter, oandachtsfjild bestjoerlike saken en media
- **Hedzer Klarenbeek** (earder: jeugd- en sedeplysje Fryslân, wurdfierder fan it kolleezje fan B&W fan gemeente Ljouwert), oandachtsfjild oerheden
- **Anne Merkuur** (taalkundige oan Ryksuniversiteit Grins en Fryske Akademy), oandachtsfjild taal en kultuer
- **Annalies Outhuijse** (jurist by advokatekantoar Stibbe yn Amsterdam), oandachtsfjild rjocht
- **Alex Riemersma** (earder: lektor Frysk en Meartaligens oan NHL Stenden), oandachtsfjild ûnderwiis

Anne Merkuur hat har funksje op 1 novimber 2022 dellein fanwegen it oanfurdigjen fan in funksje as universitêr dosint Frysk oan de Ryksuniversiteit Grins. Ein novimber 2022 hat DINGtiid in fakatuere útset foar in bestjoerder mei portefúlje taal en kultuer. De nije bestjoerder sil yn 2023 beneamd wurde.

It bestjoer fan DINGtiid wurdt stipe troch **Anne Popkema** (bestjoersadviseur), **Tjallien Kalsbeek** (sekretariaat) en **Froukje Sijtsma** (kommunikaasje).

Haadlinen DINGtiid yn 2022

Yn de Wet gebrûk Fryske taal is bepaald dat DINGtiid om de twa jier in wurkprogramma foarleit oan de minister fan BZK. Dit jierferslach behannelet de wurksumheden oan de hân fan it Wurkprogramma 2022-2023.

Oerlizzen

Bestjoer en stêf hawwe yn 2022 tsien ynterne gearkomsten hân. Nei twa koroanajierren koenen de gearkomsten wer fysyk plakhawwe. Mei deputearre Sietske Poepjes fan Provinsje Fryslân hawwe twa bestjoerlike oerlizzen mei DINGtiid plakfûn: op 16 febrewaris en op 3 novimber 2022. Poepjes skode ek oan by it oerlis op 16 novimber 2022 mei kommissaris fan de Kening Arno Brok. Yn de oerlizzen lei de klam op de universitêre frisistyk. Fierder kamen de tariedings foar de BFTK 2024-2028, de besunigings op Fryske taal en kultuer en it Frysk yn de rjochtspraak op it aljemint. Ek waard de Provinsje bypraat oer rinnende advysdossiers, lykas it Frysk yn de foarskoalske faze.

Yn 2022 hat DINGtiid twa koarte kontaktmominten hân mei BZK-minister Hanke Bruins Slot. Op 25 april 2022 wie de minister yn Fryslân foar in wurkbesite en it ûndertekenen fan it 'Sichtberensakkoart Fryske taal'. Op 24 novimber 2022 spruts de minister de Rede fan Fryslân út oer de takomst fan de Fryske taal. By beide gelegenheden hat de foarsitter fan DINGtiid in koart oerlis hân mei de minister. In bestjoerlik oerlis mei de minister stiet pland foar maart 2023. Op amtlik nivo hat der geregeld kontakt west mei Provinsje Fryslân en de ministearjes fan BZK en OCW.

DINGtiid hat de Committee of Experts fan de Ried fan Europa tidens harren besite oan Fryslân op 29 juny 2022 ynformearre oer guon dossiers oangeande it Frysk. Fierder hawwe der oerlizzen plakfûn mei of binne gearkomsten bywene fan 'Mei-inoar foar it Frysk', it Steatekomitee Frysk, Gemeenten&Frysk, de Politike Kommisje (POK) fan de Ried fan de Fryske Beweging en Stifting Freonen Frysk Ynstitút fan de Ryksuniversiteit Grins (FFYRUG). Dêrneist hat DINGtiid it symposium Erkende Talen, organisearre troch it ministearje fan BZK, bywene. Fierder wie DINGtiid op 8 desimber 2022 oanwêzich by it Twaminutedebat yn de Twadde Keamerdebat oer (én diels yn) it Frysk. Dêr waard ek ynformeel mei ferskate Twadde Keamerleden praat.

Frysk by de taalwetgemeenten

Sûnt 2017 hat DINGtiid ferskate advysaktiviteiten útfierd dy't te krijen ha mei de posysje fan it Frysk yn de taalwetgemeenten. It advysdossier 'Frysk en de Taalwetgemeenten' waard op 22 juny 2022 ôfsletten mei in DINGpetear mei wethâlders fan taalwetgemeenten. Beliedsamter Martinus Visser fertelde oer it opstellen en útfieren fan meartalich taalbelied binnen de gemeente Waadhoeke. Aant Jelle Soepboer joech as nije wethâlder fan gemeente Noardeast-Fryslân syn fyzje op it Frysk en it opstellen fan Frysk taalbelied. As ôfsluting fan dit dossier is in managementgearfetting opsteld mei in oersjoch fan ûndersiken, oanbefellingen en konklúzjes.¹

Kennisynfrastruktuer Frysk

Yn desimber 2020 hat DINGtiid it rapport 'Op 'e syk nei nije dynamyk' útbrocht, dêr't yn sketst waard hoe't de kennisynfrastruktuer (KYS) fan it Frysk ferstevige wurde kin.² Kennisynstellingen soenen yntinsiver mei-inoar en mei maatskiplike partners gearwurkje moatte om in ûndersyskaginda op te stellen, en sa oan alle soarten fan lytse en grutte kennisfragen te foldwaan. In kennisberied soe dêrfoar in gaadlike foarm wêze kinne. In ôfslutend DINGpetear wie plend foar desimber 2021, mar waard fanwegen koroana fersteld.

Op 3 maart 2022 binne kennisbestjoerders en -profesjonals byien kaam om nochris oer te eidzjen wat wichtige eleminten binne om yn it takomstige kennis(net)wurk fan it Frysk te ferankerjen. Dat barde op in momint dat de kennispartijen fan it Frysk op it punt stienen om in nije gearwurkingsfoarm oan te gean: it Gearwurkingsferbân Fryske Kennisynfrastruktuer (GFTK). Fjouwer sprekkers lieten harren ljocht skine oer guon kearnpunten: Arjen Dijkstra (doe: direkteur Universiteitsmuseum Grins) oer de universitêre frisistyk yn Nederlân; Freddy Weima (âld-bestjoerder fan DINGtiid, mei KYS-dossier yn portefûlje), oer de stelselantwurdlikheid fan de Provinsje; en Folkert Kuiken & Nelleke IJssennagger (GFTK) oer de regeneraasje yn it kennis(net)wurk. DINGtiid is fêste taharker by de GFTK-oerlizen.

De Fryske taal yn de foarskoalske faze

Op fersyk fan Provinsje Fryslân en Ryk hat DINGtiid him yn 2021 en 2022 bûgd oer de posysje fan it Frysk yn de foarskoalske faze. De haadfraach fan it advysdossier wie: 'Hoe kin it dat yn noch lang net alle foarskoalske lokaasjes de Fryske taal in fêst plak hat en dat der dus noch altiten in soad âlden binne dy't gjin tagong ta Frysktalige opfang foar harren bern ha?'

- **Stúdzjereis Súd-Tirol**

Bestjoer en stêf fan DINGtiid, foar de gelegenheid oanfolle mei in eksterne ûndersiker, hawwe yn it ramt fan it advysdossier 'Frysk yn de foarskoalske faze' fan 29 maaie oant en mei 1 juny 2022 in stúdzjereis makke nei Súd-Tirol, Itaalje. Yn dy regio wurdt Italjaansk, Dútsk en Ladinysk brûkt en ûnderwiisd. It wichtichste doel fan de stúdzjereis wie om ynformaasje op te heljen oer hoe't meartaligens yn de mienskip libbet en fungearret – mei klam op de ierskoalske faze – en hoe't dat op polityk en ûnderwiiskundich mêd hannen en fuotten krijt.



Besite oan Súdtiroler parlemint, mei fise-presidint en FUEN-bestjoerslid Daniel Alfreider (Súdtiroler Volkspartei).

- **Advys 'Frysk yn de foarskoalske faze'**
It advys 'Frysk yn de foarskoalske faze' is yn desimber 2022 foltôge en oanbean oan Provinsje, Ryk en Fryske gemeenten.³ Gearfetsjend: petearen mei partijen yn it fjild yn Fryslân befêstigje eardere konstatearrings en oanbefellings fan de Ried fan Europa en it Ryk: de trochgeande learline Frysk moat befoardere wurde troch it Frysk yn it foarskoalsk ûnderwiis fuort te sterkjen. Der bestiet lykwols gjin draachflak foar in wetlike ferplichting dêrta. Yn it ferlingde fan eardere advizen fan de Ried fan Europa en it Ryk, advisearret DINGtiid dêrom: meitsje yn de kommende jierren de foarskoalske faze yn de trochgeande learline ta prioriteit en toan beslissend liiderskip.

Advysbrief besunigingen Kultuer

Heal maaie 2022 makke Provinsje Fryslân it foarnimmen bekend om fan 2025 ôf te besunigjen. Foar Fryske taal en kultuer kin it gean om 1,6 miljoen it jier op strukturele middels, dy't no 10,3 miljoen berinne; dat is noch rekkene bûten de tydlike middels dy't yn de rinnende beliedsperioade ynset wurde foar projekten en belied (2,9 miljoen). De fakto soe soks betsjutte kinne dat, yn ferhâlding ta hjoed de dei, der fan 2025 ôf in tebekgong fan ca. 30% wêze kin op de middels foar taal en kultuer.

Op 20 july 2022 (en opnij hifke op 23 septimber 2022) hat DINGtiid yn in brief oan Deputearre Steaten skreaun dat net oanjûn is op hokker wize oft hja tinke de foarnommen besunigings te effektuearjen, hoe't se ferdield wurde oer de haadmêden taal en kultuer en dus ek net hokker dielmêden fan it taal- en kulturfjild oft rekke wurde sille.⁴ DINGtiid hat der yn de brief op tidige dat DS taljochtet hoe't hja tinke de besunigings útfiere te kinnen sûnder de takomst fan de taal skea te dwaan. En om mei dy taljochting net te wachtsjen oant it steatedebat oer de begrutting foar 2023, it jier dêr't Ryk en Provinsje in nije BFTK yn ûntwerpe sille, foar de perioade 2024-2028. Boppedat, sa stelt DINGtiid yn de brief, ha de politike partijen yn Fryslân it rjocht om yn it ûntwerpen fan harren ferkiezingskampanjes foar de ferkiezings fan maart 2023 hjiroer in grûndearre stânpunt yn te nimmen, dêr't sa'n taljochting fan belang foar is. Sa kinne de Friezen sels ynfloed ha op de takomst fan harren taal.

Op 10 oktober 2022 hat DS yn in skriftlike reaksje witte litten dat de krekke ynfolling fan de besuinigings noch net bepaald binne, om't hja earst mei it Fryske fjild yn petear gean wolle.⁵ Yn novimber 2022 hat DINGtiid by de byldfoarmjende steatekommisje fan Provinsje Fryslân ynsprutsen.

LEEWARDER COURANT

22 juli 2022, pag. 20

Dingtiid wil uitleg over bezuinigingen op Fries

LEEWARDEN Provincie Fryslân moet uitleggen hoe zij denkt in 2025 te kunnen bezuinigen op het Fries zonder schade te berokkenen aan de toekomst van de taal.

Dat vraagt Dingtiid, het adviesorgaan voor de Friese taal, in een brief aan het college van Gedeputeerde Staten.

Het adviesorgaan reageert op de aangekondigde bezuinigingen van 1,6 miljoen euro op structurele middelen voor taal en cultuur. Als dan ook de tijdelijke middelen voor het Fries ad 2,9 miljoen bij afloop van deze beleidsperiode eindigen, wordt er volgens Dingtiid in 2025 feitelijk maar liefst 30 procent gekort op het Fries. En dat is rechtstreeks in tegenspraak met het provinciaal taalbeleid, schrijft Dingtiid-voor-

zitter Jan Koster in de brief.

De bezuinigingen kunnen 'net oars betsjutte as dat de Fryske taal skea oprint'. Bovendien acht Koster de kans groot dat het Rijk dat voorbeeld zal volgen, 'wêrtroch it negative effekt dûbeld sa swier wurde sil'.

Onder meer de subsidies voor Omrop Fryslân en de Stellingwarver Schrieversronte staan ter discussie. Eerder zei gedeputeerde Sietske Poepjes in het najaar definitieve keuzes te willen maken, maar Dingtiid wil dat de provincie wel snel met een toelichting komt over hoe de bezuinigingen gaan uitpakken in het veld.

Desgevraagd blijft Poepjes erbij dat er niet eerder dan in de herfst meer duidelijkheid kan komen. „Dat kost tiid en kin net flotter, ek al wol Dingtiid dat miskien wol.”

DINGtiidlêzing

Op 5 novimber 2022 wie it presys 30 jier lyn dat Nederlân it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden ûndertekene hat. DINGtiid hat dy gelegenheid oangrypt om yn Ljouwert de earste 'DINGtiidlêzing' te organisearjen. Nei oanlieding fan de fraach '30 jier Europeesk Hânfêst, driuwsân of dûnsflijer?', hat bestjoerskundige prof. dr. Heinrich Winter (Fakulteit Rjochtsgeleardheid, Ryksuniversiteit Grins) him bûgd oer de takomstbestindigens fan it Hânfêst.

LEEUWARDER COURANT
07 november 2022, pag. 2

'Stel lokaal handvest op voor het Fries'

Friese overheden zouden er goed aan doen om een 'lokaal handvest' op te stellen met de inwoners van Fryslân. Daarin moeten de ambities op het terrein van de Friese taal en cultuur een plek krijgen. De mienskip zou een stevige inbreng moeten hebben.

ANNE LEEUWARDER WEEF

Dat het Heinrich Winter raadzind tijdens een discussie over het Fries in de Koperen Toren in Leeuwarden. Winter is hoofdstaatsbestuurder van de Rijksuniversiteit Groningen en 'bezoenderaar' van de Friese taal. Het betoedens van het Fries. Begint bij het een lokaal handvest van de inwoners en wat kan daarachter werken dan het is zijn lering.

De bijeenkomst stond in het teken van het Europees Handvest voor regionale talen of talen van minderheden. Dat werd vorig jaar geleden ondertekend door heel land en zes jaar later geratificeerd. DINGtiid, adviesorgaan voor de Friese taal, had zaterdag de organisatie in handen.

Het Europees Handvest is er om minderheidsstaten, waaronder dat het Fries, te waarborgen en te bevorderen. Maar ook zonder dat handvest, zei Winter, kunnen Fries overheden of gemeenten de taal en cultuur in de wacht zetten. 'Dwaal dat nu voldoende? Er is reden om daar kritisch over te zijn', sprak de hoogleraar.



Hoofdstaatsbestuurder van de RUG Heinrich Winter tijdens zijn lezing over het Fries.

'Hoe staat het bijvoorbeeld met de zichtbaarheid van het Fries in de openbare ruimte. Als je in Leeuwarden het station uitloopt, zie je niet eindelijk dat je in Fryslân bent en dat lukt me een gezonde kritiek om activiteiten en rond Friese taal en cultuur te stimuleren. Zijn bedrijven zich voldoende bewust van de toegenomen waarde van het Fries voor hun imago en voor het goede klantcontact?'

Winter was ook op Den Haag, op zowel het kabinet, de departementen als het parlement. Het Fries krijgt er bepaald niet de meeste aandacht.

'Het is de vraag of andere delen van het Rijk voldoende bewustzijn, kennis en respect hebben voor het feit dat Nederland een meerkultureel land is en dat het Fries een bijzondere positie inneemt.'

En, zei de bestjoerskundige. 'Hoe zit het met de betrokkenheid van parlementsleden? Zijn zij zich voldoende bewust van het belang van het Fries? Zou het niet pastere zijn eens in Fryslân te vergaderen met de Staten-Generaal? Dat zou wellicht al een al goed zijn om het gesprek wat weg te nemen dat bijvoorbeeld dat Den Haag en 'de Randstad' het gesprek af staan van de rest van het land.'

Harry Bowers uit Leeuwarden, Kamerlid voor de VVD, erkende dat

'Wat kan daarbij beter werken dan het eigen enthousiasme?'

Fries niet wettelijk beschermd is in Den Haag. 'Als Friese Kamerleden moeten we constant alert zijn. Het Fries wordt al gauw gezien als iets folkloristisch van boven Zwolle. Ik heb de opmerkingen van Winter goed in de oren geknopen. We moeten heel nuancieus zijn op het Fries. In Den Haag wordt niet besef hoe belangrijk het is voor de meerkultureelheid van Nederland.'

Heinrich Winter, overigens in zijn algemeenheid niet pessimistisch

over het Fries, pleite ook nog voor een 'regionale Friese taal', in te stellen door de Tweede Kamer. Die zou jaarlijks met het 'Streekonder Frysk', een werkgroep van Provinciale Staten, en met ministers over de staat van de Friese taal moeten praten.

Alken Waijweert, onderzoecker bij het lectoraat meent allicht en gelustheid op NHL Studeren, sprak na Winter. Hij wil dat de mogelijkheid voor leerlingen om het Fries als examenvak te kiezen op school 'stop prikkelt', wordt in de volgende 'leerplanwijziging' Frysk taal en cultuur' (tussenrijk en provincie. Dat betekent dat er meer docenten Fries nodig zijn. 'B Frysk is fan de kearnigen, de nije generatsje'

Undersiker dr. Albert Walsweer (Lektoraat Taalgebrûk en learen, NHL Stenden) reagearre op de lêzing fan Winter en gie neier yn op de wurking fan it Europeesk Hânfêst yn de ûnderwiispraktyk. De lêzing waard bywenne troch in grut ferskaat oan belangstellenden, mei dêrûnder gâns maatskiplike organisaasjes en gemeentlike, provinsjale en lanlike politisy, dy't in libben neipetear mei-inoar en mei de sprekkers oangiene. De lêzings stean op de website fan DINGtiid.⁶

Friesch Dagblad, 07 november 2022, pagina 2.



Bestuurslid-ops
Marwin Winter
spert fjn Walsweer
Foto: Simon van
der Woude

Je moet Den Haag aan de mouw blijven trekken

FRIESE TAAL

Jan Ybema

Leeswârdens Dertjiens jierden waard het Europees Handvest voor minde theidstaken onbeterkerad. Intussen rijn er voor de bescherming van het Fries wetjen en regels grong; mar wat hebben die eigentlijk opkeverd?

Best veed, condedeet hongerleer bestuurskunde Henrich Winter van de Rijksoverheid Groningen zaardat in de Koperni Taim in Leeswârdens tijdens een lezing voor DINGtiid, het adviesorgaan voor het Fries. Maar Fryslân moet er telkens hard aan blijven trekken, want in Den Haag gaat niets vanzelf.

„Op de website van het ministerie van Binnenlandse Zaken staat een taaklijst. Daar vind je nu terug over het Fries. Dan kun je zeggen je kunt daar ook niet alles op zetten.

Maar „addedom“ bijvoorbeeld, staat er wel bij! Hier is slechts een van de teksten dat het Fries niet erg scherp op het noevles staat van het Haagse ministerie. Ook de meerkrahe is erg beperkt. „Er zit wel ergens iemand die er haast best doet, maar is dat genoeg en heeft diegene voldoende toegang tot de minister?“, vraagt Winter zich af.

In Den Haag heert het beeld dat Fries een folkloristische hobby is van een paar mensen stegen ten noorden van Zwolle“, bevestigd VVD-Kamerlid Harry Bevers vanuit het publiek. „Als Friese Kamerleden moeten wij de Kamer en de ministerie voortdurend alert houden hoe er met het Fries wordt omgegaan. Over partijgrenzen heen komen wij regelmatig sam en en bespreken dan niet alleen zaken als de Leylân, maar ook zaken rond het Fries.“ Bevers was het enige Friese Kamerlid dat de meeste nam om bij de DINGtiid-lezing present te zijn.

Haagse ambtenaren lieten eveneens verstek gaan, daarmee Winters stelling bevestigend.

Rechter

Het Europees handvest voor regionale talen en talen van minderheden verplicht Nederland wettelijk om het Fries op allerlei terreinen te beschermen en te versterken, in af de provincie kan niet naar de rechter stappen om dat ook echt af te dwingen, zegt Winter. „Dat maakt het handvest nog niet waardeloos. Het is iets waar de provincie, maar ook Kamerleden, burgers en organisaties het rijk steeds weer op kunnen wijzen.“ Hoe meer dat gebeurt, des te positiever Den Haag het Fries zal nemen, aldus Winter.

Waarom komt de Tweede Kamer niet eens in Leeswârdens vergaderen oppert Winter, om zo ook de afstand tussen Randstad en regio te verkleinen. En zou er niet een vaste Kamercommissie Friesse taal moeten komen, die bijvoorbeeld jaarlijks overlegt met het Staatshuis Fryske?

Volgend jaar worden de afspraken over het Fries tussen provincie en rijk vernieuwd, vastgelegd in een Bestuursafpraak. Dat is voor Fryslân een kans om zaken gedaan te krijgen, aldus Winter. Zo zou de provincie zich hard moeten maken om het Fries te versterken in de voorschoolse opvang, in het mbo en als eind- en startpunt op de middelbare school.

Zelf doen

Maar los van Europa en Den Haag kunnen de Friesen het zelf ook meer doen, benadrukt Winter. „Als ik Leeswârdens binnenrijd, zie ik lezers als 'Here comes the sun' en 'Share your visit', en ook op het station en elders in de stad moet je goed zoeken om wat Fries te zien.

Wethouder Jan Dijkstra van de gemeente Waadhoeke pakt de handschoven graag op om nog meer aan lichaamsheid te doen, maar zo eenvoudig is dat nog niet. „Yn de taalbediel wolle wy skiedgrond wette – minsken de runde jaan om it Frysk of in streektaal te brûken. Mar de nu bougruntes Frysk praat komme der bylden reaksjes op. Sjuale medja fan 'wi' verstaan te niet, en dan sjit in en op it gemeentebêd al gauw 'e kramp fan' oebden, want binne wy net plakswyf genôch. It is in witte ballen.“ Hij noemde andere wethouders uit om regelmatig met elkaar te overleggen en ervaringen uit te wisselen rond succesvol gemeentelijk taalbeleid.

Winter stept provincies en gemeenten op met samen met inwoners een 'lokale handvest' te stellen over de Friese taal. „Vraag inwoners wat zij met het Fries willen en geef hen inspraak. Je kunt alles vastleggen in wetten en handvesten, maar uiteindelijk moet de inwoners zo'n taal dragen.“

Masterplan

Onderwijskundige Albert Walsweer waarschuwde op de bijeenkomst voor de gevolgen van het Masterplan B onderwijsaanbod van minister Dennis Wiersma voor het Fries taalonderwijs, met name op driejarige scholen. Als het masterplan in de huidige vorm doorgaat, wordt het inbrengen van het Fries in andere vakken ongewikkelder.

Hij roept de provincie op om de ambtenaren op het Haagse ministerie wakker te schudden en alles op alles te zetten om ervoor te zorgen dat het Fries een vaste plek blijft houden op scholen en in Fryslân. „Ik wil dat de provincie hier koppe-op is en dat is echt noodzakelijk.“

Waarom komt de Tweede Kamer hier niet eens vergaderen oppert Winter

Tariedings BFTK 2024-2028

Healweis de rintiid fan de BFTK 2019-2023, yn 2021, ha Ryk en Provinsje in tuskenrapportaaazje opsteld fan de útfiering fan de BFTK. DINGtiid is frege om ynput te jaan foar dy tuskenrapportaaazje en mei te wurkjen oan de evaluaasje fan de Taalskipper (útfierd troch ûndersyksburo ProFacto). Yn juny 2021 hat DINGtiid skriftlik advys útbrocht foar de tuskenrapportaaazje fan de BFTK. Heal 2022 is it advys op de website fan DINGtiid publisearre, tagelyk mei de evaluaasje fan de Taalskipper troch ProFacto en in brief fan minister Hanke Bruins Slot fan BZK oan de Twadde Keamer, dêr't sy de Twadde Keamerleden yn op de hichte brocht fan de ûntwikkelingen oangeande de Fryske taal.⁷

Sjoernalistyk en de Fryske taal

Yn it Wurkprogramma 2022-2023 stiet dat DINGtiid it foarnimmen hie om twa DINGpetearen te organisearjen oer de rol en betsjutting fan de Fryske taal binnen de sjoernalistyk. Yn april 2022 hat DINGtiid it Sieperda Symposium fan it Keninklik Frysk Genoatskip bywenne, oer de takomst fan de regionale sjoernalistyk en oer de rol fan it Frysk dêryn. Yn septimber/oktober 2022 hat DINGtiid oerlein mei de haadredakteuren fan Friesch Dagblad, Leeuwarder Courant en Omrop Fryslân. Dêryn kaam ûnder oaren in dielde soarch nei foaren oangeande it tekoart oan sjoernalisten dy't it Frysk aktyf en passyf behearskje. Yn desimber 2022 hawwe Twadde Keamerleden Kuiken & De Jong in moasje oanbean oangeande it tekoart oan Frysktalige sjoernalisten. It wie ein 2022 noch net dúdlik wat dy moasje foar it advyswurk fan DINGtiid ynhâlde sil. Mei de haadredakteuren is dêrom bepraat om dit dossier wer op te pakken as dêr mear dúdlikheid oer is.

Frysk taalbelied by organisaasjes

Yn 2019 hat DINGtiid op fersyk fan it ministearje fan BZK mei in casestudy yn kaart brocht hoe't de Belestingsjinst, RVO, UWV, DUO en Meldkeamer Noard-Nederlân it Frysk mûnling en skriftlik brûke yn harren kontakt mei boargers. Dat resultearre yn 2020 ta in advysrapport dat oan BZK en Provinsje Fryslân oanbean is.⁸

Ut de casestudy die bliken dat de Ryksútfieringsorganisaasjes bekend binne mei de wetlike posysje fan de Fryske taal, mar dat gjint fan har Frysk taalbelied opsteld hat. Yn in ynhâldlike reaksje hat minister Ollongren fan BZK yn maaie 2020 witte litten, dat sy, nettsjinsteande de ûnôfhinklike posysje fan Ryksútfieringsorganisaasjes, posityf stiet tsjinoer it nimmen fan ferfolchstappen ditoangeande troch de Taalskipper.⁹

Provinsje Fryslân hat yn 2020, yn oparbeidzjen mei de Afûk, ferfolchpetearen fierd mei de Ryksútfieringsorganisaasjes, mei as doel om harren teoretyske en praktyske hânfetten oan te bieden en te kommen ta taalbelied. Dat proses waard fuortset yn 2021 en 2022, mar hat noch by gjin fan de organisaasjes laat ta Frysk taalbelied.

Rjochtbank Noard-Nederlân en Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert

Yn desimber 2019 hat DINGtiid mei in brief oan Rjochtbank Noard-Nederlân en Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert oandacht frege foar de posysje fan it Frysk binnen de rjochtspraak, yn it bysûnder yn relaasje ta it brûken fan it Frysk yn de rjochtseal.¹⁰ Ek waard omtinken frege foar it kwetsbere Fryske tolkenetwurk. Yn 2020 is yn in oerlis mei it Gerjochtshôf konstatearre dat der noch gjin ferfolch jûn is oan it haadstik 'Rjochterlike autoriteiten, bestjoerlike autoriteiten en iepenbiere tsjinsten' yn de BFTK. Sûnt 2019 is DINGtiid yn petear dêroer mei Rjochtbank en Gerjochtshôf. Op 8 febrewaris 2022 hat in oerlis plakhân mei de presidinten fan Rjochtbank Noard-Nederlân en Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert en binne dyselde ûnderwerpen bepraat yn in konstruktif petear.

Universitêre frisistyk

Yn juny 2021 hat Provinsje Fryslân oan DINGtiid frege om nei te gean op hokker wize oft de universitêre stúdzje fan Fryske taal en kultuer yn Nederlân yn de takomst optimaal foarmjûn wurde kinne soe, om sa djiptekennis fan it Frysk te boargjen, soks tsjin de eftergrûn fan it Europeesk Hânfêst. DINGtiid hat Mercator frege om te besjen om datoangeande in fergeliking te meitsjen mei guon oare Europeeske lannen is, as ynput foar ús advystrajekt. Dêrneist waarden petearen fierd mei heechleararen, dosinten, studinten en provinsjale beliedsamtners. It dossier kaam yn 2022 ûnder ynfloed te stean fan de dynamyk dy't de fakatuere foar in heechlearaar Frysk oan de Ryksuniversiteit Grins meibrocht.

DINGtiid hat yn 2022 yn it ramt fan de universitêre frisistyk ferskate advysbrieven stjoerd:

- **Advysbrief 'Ynput foar profyl nije heechlearaar Fryske taal en kultuer' (jannewaris 2022)**
Yn in advysbrief oan it Fakulteitsbestjoer Letteren fan de Ryksuniversiteit Grins hat DINGtiid ynput jûn foar it profyl foar de fakatuere fan de nije heechlearaar Fryske taal en kultuer.¹¹ Dat waard dien op basis fan it advysrapport oer de kennisynfrastruktuer fan it Frysk (desimber 2020) en it ferdjipjend advystrajekt oangeande de universitêre frisistyk dat dêrop folge.
- **Advysbrief 'Soargen oer learstoel Frysk yn Grins' (novimber 2022)**
Yn in advysbrief oan it Fakulteitsbestjoer en it CvB fan de Ryksuniversiteit Grins hat DINGtiid opnij syn soargen utere oer de takomst fan de universitêre frisistyk.¹² Oanlieding wie it beneamen fan in dieltiid universitêr dosint Frysk yn stee fan in foltiid heechlearaar. Yn de brief hat DINGtiid de RUG advisearre om trije saken te konkretisearjen: de ynset fan it earmerke budzjet foar de stúdzje Frysk yn Grins; it ûntwikkeljen fan mienskiplike útgongspunten en swiertepunten foar de ûndersyksagenda; en de boarging fan de universitêre frisistyk. Nei oanlieding fan dizze brief hat DINGtiid yn novimber 2022 in earste petear hân mei it CvB en it Fakulteitsbestjoer om ús soargen neier te bepraten.

- Advysbrief 'Boarging universitêre frisistyk' (desimber 2022)**
 Mei it each op de dynamyk dy't yn de rin fan 2022 oangeande de universitêre frisistyk ûntstie en dy't kulminearre yn de moasje fan De Hoop & Van der Molen (novimber 2022), hat DINGtiid yn desimber 2022 in earste advys útbrocht, dy't as in tuskenstasjon beskôge wurde moat.¹³ Yn de advysbrief docht DINGtiid oan Provinsje Fryslân en Ryk as wichtichste oanbefelling om it proses dat ta wetlike boarging fan de universitêre frisistyk liede moat, yn de BFTK (2024-2028) ôf te praten.

DINGtiid sil yn 2023 in inadvys oangeande de universitêre frisistyk útbringe.

Friesch Dagblad, 01 febrewarj 2022, pagina 10

DINGtiid pleit voor sterke opleiding Fries

Adviesorgaan schrijft brief aan RUG

FRISISTYK
 Ierewarden: In een brief aan de Rijksuniversiteit Groningen (RUG) pleit DINGtiid, het provinciale adviesorgaan voor de Friese taal, voor een nieuwe hogeschool Fries in Groningen die zich ook maakt voor het Fries.

Feeder zal yedeputeerde Sjoelke Feijers (cultuurstjer) van de provinsje Fryslân o. oan de RUG oars dat de nije hjoegleraar wat haer befreit een specialist is in de frastiek.

Volgens DINGtiid moet de opvoeding van leerlingen, die wijdend jaar met ementaal gaat, in staat zijn een zichtbare en sterke universitaire frastiek te bringen, als resultaat omdedeel van de levensvatbaarheid van het Fries.

Profitebrjets
 Volgens de protokoljets die het adviesorgaan aan de RUG oordlegt moet de nieuwe hogeschool de kennisoverdracht en kennisvergroting van de Friese taal tot zijn of haar hoofdzaak rekeren.

berde liet de RUG weten te gaan met een innovatiedoging op minder behaliden en meertaligheid, binnen een brede taakomdege maats.

Briefwisseling
 In een briefwisseling met de universiteit uitre gredpuerde Sjoelke Feijers haer oopen de oopen. Het vak Fries is nu dat meer te veel onderneuen, waarkhuwt de gredpuerde.

Het advies van DINGtiid lukt haer pleidooi voor een nieuwe hogeschool die specialist is in de frastiek te onderneuen.

Volgens DINGtiid is de universitaire frastiek al oredomdang, het toegrenkijde van de kennis sector roud het Fries. In owerleg met ryk en provinsje Fryslân hangt DINGtiid zich de komende tijl over de vraag how de universitaire owerde van Fries oer omdedeel het beste kan warden vormtegeven.

Voor de zomer wil het adviesorgaan met de belangrijke aanbevelingen komen.

Frisistiek is al langer het zorgen-kindje

DINGtiid: leg studie Fries vast in Bestuursafpraak

Leeuwarden | In een nieuwe bestuursafpraak tussen provincie en rijk moet alvast worden bepaald hoe de universitaire frisistiek wettelijk vastgelegd gaat worden. Dat stelt adviesorgaan DINGtiid.

Er is de laatste tijd veel te doen over de toekomst van de leerstoel Fries aan de Rijksuniversiteit Groningen en de opvolging van de recent gepensioneerde hoogleraar Goffe Jensma. Ook DINGtiid, het adviesorgaan voor het Fries, uitte eerder al zijn zorg dat bestudering van het Fries aan de universiteit in de knel komt.

In een soort tussenadvies stelt DINGtiid nu dat de Bestjoers ôfspraak Fryske Taal en Kultuer

(BFTK) een eerste kans biedt om de positie van de frisistiek beter veilig te stellen. De BFTK moet volgend jaar worden vernieuwd. Daarin moet dan worden afgesproken hoe een bachelor en master Fries wettelijk verankerd worden. Dat zou kunnen via de Wet op het hoger onderwijs en wetenschappelijk onderzoek, de Wet gebruik Friese taal, of met een convenant tussen het rijk en de universiteiten.

In november riep de Tweede Kamer het kabinet met een motie van Habtamu de Hoop (PvdA) en Harry van der Molen (CDA) op om het wetenschappelijk onderwijs in het Fries wettelijk te verankeren. Die motie is een *gamechanger*, aldus DINGtiid, dat het kabinet tot actie noopt.

Wat hat DINGtiid berikt yn 2022?

- **DINGtiid ûndersiket en advisearret**
DINGtiid entamearre ûndersyk en brocht advizen út oer it Frysk. Frege advizen waarden jûn oan Provinsje en Ryk oangeande it Frysk yn de foarskoalske faze en de universitêre fristisyk. DINGtiid brocht net-frege advys út oan Provinsje Fryslân oangeande de besunigings op taal en kultuer, en oan Ryksuniversiteit Grins oangeande it profyl fan in nije heechlearaar Frysk oan de RUG en it boargjen fan de universitêre fristisyk.
- **DINGtiid bringt byelkoar**
Yn 2022 hat DINGtiid mei ferskate partners út it fjild en de polityk praat en diskusearre oer it Frysk. Dat waard dien ien op ien, mar geregeld brocht DINGtiid de partners ek by elkoar, lykas yn de DINGpetearen oer de Kennisynfrastruktuer, Frysk en de Taalwetgemeenten en de earste DINGtiid-lêzing.
- **DINGtiid siket nije foarmen**
Neist de DINGpetearen dy't we al in protte organisearje, hat DINGtiid yn 2022 no ek foar it earst in DINGtiid-lêzing organisearre. Dy is bedoeld om ek oare minsken troch in saakkundige op in tema oangeande de Fryske taal wiidweidich ynformearje of ynspirearje te litten.

Oersjoch útjeften DINGtiid 2022

It beskikbere budzjet fan DINGtiid foar jit jier 2022 wie € 191.704.
Provinsje Fryslân hie foar 2022 in bedrach fan € 115.200 earmarke foar DINGtiid. It ministearje fan BZK stelde DINGtiid € 45.504 ta foldwaan.
Dêrneist wie der út 2021 noch in bedrach fan € 31.000 beskikber foar 2022.

	Utjeften
Fergoedings bestjoersleden DINGtiid	€ 16.504,00
Stêf DINGtiid	€60.104,38
Húsfêsting	€8.549,60
Kommunikaasje	€880,26
Wurkprogramma – ûndersyk en advizen yntern	€39.030,75
Wurkprogramma – ûndersyk en advizen ekstern	€15.381,50
Oerlizzen – DINGpetearen	€ 5.168,89
Stúdzjereis	€7.964,04
Oare kosten (reiskosten, administraasje, abonneminten, sollicitaasjes, ensfh.)	€11.549,98
Totaal	€165.133,40

Fuotnoaten

- ¹ <https://dingtiid.frl/wp-content/uploads/2020/01/Management-Fries-en-de-Taalwetgemeenten.pdf>
- ² <https://dingtiid.frl/nl/advys-oer-kennisyinfrastruktuer-kennisberied-goed-foar-de-fryske-taal/>
- ³ <https://dingtiid.frl/nl/advies-versterk-het-fries-in-het-voorschools-onderwijs/>
- ⁴ <https://dingtiid.frl/nl/dingtiid-uit-zorgen-over-bezuinigingen/>
- ⁵ <https://dingtiid.frl/wp-content/uploads/2022/07/20221010-Provinsje-Frysl%C3%A2n-oan-DINGtiid-reaksje-op-brief-oangeande-oankundige-besunigings.pdf>
- ⁶ <https://dingtiid.frl/nl/sfeerimpressie-en-lezingen-van-eerste-dingtiid-lezing-2022/>
- ⁷ <https://dingtiid.frl/wp-content/uploads/2022/06/Stand-van-Zaken-Friese-Taal-25042022-BZK-aan-Tweede-Kamerleden.pdf>
- ⁸ <https://dingtiid.frl/nl/uitvoeringsorganisaties-willen-aan-de-slag-met-het-fries/>
- ⁹ https://dingtiid.frl/wp-content/uploads/2020/03/Reactie_casestudy_DINGtiid_bij_Rijksuitvoeringsorganisaties.pdf
- ¹⁰ <https://dingtiid.frl/nl/advys-fryske-taal-draacht-by-oan-kwaliteit-fan-de-rjochtspraak/gsoorganisaties-willen-aan-de-slag-met-het-fries/>
- ¹¹ <https://dingtiid.frl/nl/advies-input-voor-profiel-nieuwe-hoogleraar-fries-rug/>
- ¹² <https://dingtiid.frl/nl/adviesbrief-aan-rug-zorgen-over-leerstoel-fries-in-groningen/>
- ¹³ <https://dingtiid.frl/nl/adviesbrief-aan-provincie-en-rijk-over-borging-universitaire-frisistiek/>

www.dingtiid.frl

ynfo@dingtiid.frl

Maart 2023

Tekst: Froukje Sijtsma

Ontwerp: BW H ontwerpers

www.dingtiid.frl

ynfo@dingtiid.frl

Maart 2023

Tekst: Froukje Sijtsma

Ontwerp: BW H ontwerpers